

Ynhâld

Ynliding
List fan ôfkoartings

Bls. 7
„ 10

DE BOEKEN FAN IT ALDE TESTAMINT

<i>Namme</i>	<i>Ofkoarting</i>	<i>Bls.</i>	<i>Namme</i>	<i>Ofkoarting</i>	<i>Bls.</i>
Genesis	Gen	13	Preker	Prek	790
Exodus	Ex	72	Heechliet	Hchl	802
Leviticus	Lev	122	Jesaja	Jes	809
Numeri	Num	158	Jeremia	Jer	894
Deuteronomium	Deut	207	Kleilieten	Kleil	971
Jozua	Joz	248	Ezechiël	Ezech	982
Rjochters	Rjo	276	Daniël	Dan	1046
Ruth	Ruth	306	Hoséa	Hos	1069
1 Samuël	1 Sam	311	Joël	Joël	1083
2 Samuël	2 Sam	349	Amos	Am	1088
1 Keningen	1 Ken	382	Obadja	Ob	1099
2 Keningen	2 Ken	419	Jona	Jona	1101
1 Kroniken	1 Kron	455	Micha	Mi	1104
2 Kroniken	2 Kron	490	Nahum	Nah	1113
Ezra	Ezr	529	Habakuk	Hab	1117
Nehemia	Neh	542	Sefanja	Sef	1121
Ester	Est	559	Haggai	Hag	1126
Job	Job	569	Sacharja	Sach	1129
Psalmen	Ps	618	Maleächy	Mal	1142
Spreuken	Spr	750			

DE DEUTEROKANONIKE of APOKRYFE BOEKEN

<i>Namme</i>	<i>Ofkoarting</i>	<i>Bls.</i>	<i>Namme</i>	<i>Ofkoarting</i>	<i>Bls.</i>
Judit	Judit	1150	1 Makkabeeërs	1 Makk	1288
Wysheid fan Salomo	Wysh	1168	2 Makkabeeërs	2 Makk	1327
Tobit	Tob	1193	Ester (Gryksk)	Est (G)	1352
Jezus Sirach	Sir	1204	Azarja	Az	1364
Barûch	Bar	1277	Suzanne (Daniël 13)	Suz	1366
Brief fan Jeremia (Barûch 6)	Br. f. Jer	1285	Bel en de Draak (Daniël 14)	Bel	1368

DE BOEKEN FAN IT NIJE TESTAMINT

<i>Namme</i>	<i>Ofkoarting</i>	<i>Bls.</i>	<i>Namme</i>	<i>Ofkoarting</i>	<i>Bls.</i>
Mattéus	Mt	1373	Titus	Tit	1666
Markus	Mk	1413	Filémon	Filémon	1669
Lukas	Luk	1437	Hebreeërs	Hebr	1671
Johannes	Joh	1479	Jakobus	Jak	1688
Hannelingen	Hann	1513	1 Petrus	1 Petr	1694
Romeinen	Rom	1558	2 Petrus	2 Petr	1701
1 Korintiërs	1 Kor	1583	1 Johannes	1 Joh	1704
2 Korintiërs	2 Kor	1605	2 Johannes	2 Joh	1709
Galatiërs	Gal	1618	3 Johannes	3 Joh	1710
Efeziërs	Ef	1626	Judas	Jud	1711
Filippiërs	Fil	1634	Iepenbiering	Iep	1713
Kolossers	Kol	1641	Register		1734
1 Tessalonikers	1 Tess	1648	Oersjoch fan 'e Bibelske Histoarje		1743
2 Tessalonikers	2 Tess	1653	In stikmannich kaartsjes		1747
1 Timoteüs	1 Tim	1656	Mjitten, munten en gewichten		1758
2 Timoteüs	2 Tim	1662	List fan meiwurkers		1759

It âlde testamint

Genesis

YNLIEDING OP 'E EARSTE FIIF BOEKEN FAN IT ALDE TESTAMINT

Dizze boeken foarmje mei-inoar it earste part fan it Alde Testamint. De Joaden neamden dit part de Thora, dat meastal fertaald wurdt mei: wet; mar ûnderrjocht of ynstruksje komt faaks tichter by de betsjutting fan dit wurd.

De nammen fan dizze boeken (Genesis, Exodus, Leviticus, Numeri, Deuteronomium hawwe wy fan de Vulgata (de Latynske fertaling fan 'e Bibel) oernommen. En dy Vulgata hie se wer fan de Septuaginta; allinne it Grykske Arithmoi ha se fertaald mei Numeri.

De Thora, of mei-yn Gryksk wurd de Pentateuch (is: it fjifdielige (boek)) waard fan âlds oantsjut mei de fjif boeken fan Mozes. Ek yn it Nije Testamint fine wy útdrukkingen as: lykas Mozes foarskreaun hat (Mt 8:4), de wet fan Mozes (Joh 7:23). It hiele Alde Testamint wurdt ek wol neamd: Mozes en de profeten (Luk 16:29). Dêrút waard dan opmakke dat Mozes de skriuwer wie fan dizze 5 boeken. Fansels hie hy dêrby gebrûk makke fan de mûnlinge oerlevering (tradysje).

Letter kaam in oare theory op. Yn de Thora wurde ûnderskieden Godsnammen brûkt. Ntl. El of Elohim (is: God), Adonai (is: Hear) en de namme JHWH, ornaris útsprutsen as Jahwè (yn dizze oersetting fertaald mei: Heare). Op grûn fan dat gebrûk fan 'e Godsnammen, fan bepaald wurdgebrûk en ek wol fan 'e ynhâld wurdt dan oannommen, dat der ferskate skriftlike boarnen bestien hawwe, almeast neamd Elohist, Jahwist, Prystercodex en Deuteronomist, soms noch wer yn mear ûnderferdielt. De 'redaktor' hat dan út dizze boarnen, dy't yn ferskate rûnten en tiden ûntstien binne, syn stof helle en dy ferwurke ta ien gehiel. Men hoecht dizze theory noch net oan te hingjen om te sjen dat de 'redaktor' ek gebrûk makke hat fan skreaune boarnen (mooglik ek wol fan Mozes sels) mar ek, dat de boeken yn 'e foarm sa't wy dy no hawwe, ûntstien binne nei de tiid fan Mozes. Om mar ien foarbyld te neamen: Yn Gen 50:10,11 wurdt fan in plak dat oan 'e eastkant fan 'e Jordaän leit, sein dat it 'oan 'e oare kant de Jordaän' is. De skriuwer wie dus al yn it lân Kanaän en dêr hat Mozes noait west.

Wy hawwe lykwols te krijen mei dizze boeken sa't se foar ús lizze. De ynhâld is de iepenbierring dat God de yn sînne fallen minske siket. Dat sykjen fynt syn hichtepunt yn it ferbûn mei Abraham en yn him mei it folk Israel. Hoe't dat ferbûn yn 'e rin fan 'e skiednis realisearre wurdt, sjogge wy yn de ynhâld fan de aparte boeken:

1. Genesis (is: ûntstean)

a. De hst. 1-11 behannelje de oerskiednis.

Gen 1-3 gean oer de skepping en de fal fan 'e minske, mar tagelyk sjogge wy hoe't God de minske al siket (3:9). De hst. 4-11 behannelje dan yn grutte halen de oerskiednis. Oer hoefolle ieuwen dy rint is net út te meitsjen.

b. De hst. 12-25:11 behannelje de skiednis fan Abraham. Yn Gen 12:1, by de ropping fan Abraham, begjint winliken de skiednis fan it ferbûn tusken de Heare en Israel.

c. Yn de hst. 26-36 sjogge wy hoe't dat ferbûn oergiet op Izaäk (hst. 26) en letter op dy syn soan Jakob (hst. 28). Benammen it libben fan Jakob wurdt yn dizze hst. wiidweidich behannele.

d. Yn it lêste part (37-50) sjogge wy, hoe't yn 'e tolve soannen fan Jakob in begjin fan it folk Israel (is: Jakob) ûntstiet. Haadpersoanen yn dit part binne Jakob en syn soan Joazef. Lêstneamde, troch syn bruorren nei Egypte ferkocht, wurdt dêr ûnderkening. Hy helle syn famylje, om har fan 'e hongerdea te rêden, nei Egypte. Dat sa fine wy oan 'e ein fan dit boek it folk Israel yn it lân Gosjen, yn 'e Nyldelta fan Egypte. De dea fan Joazef slút dit boek ôf.

2. Exodus (is: úttocht)

Wylst it folk Israel yn Egypte ûnderdrukt wurdt (hst. 1), wurdt Mozes berne (hst. 2). Dizze Mozes wurdt net allinne roppen ta lieder fan it folk (hst. 3), mar hy is ek de midsmantusken God en syn folk. As lieder fan it folk ûnderhannellet er yn opdracht fan de Heare mei de Farao. Dy lit earst nei tsien pleagen it folk gean (hst. 5-11).

As midsmant moat Mozes hieltyd wer by de Heare yn 'e pleit gean, as it folk it werris tsjin Him yn 'e kant set hat. De úttocht út Egypte troch de Reidsee (hst. 14) is it grutte heilsfeit dêr't yn it Alde Testamint hieltyd wer nei weromwiisd wurdt. It twadde wichtige feit dat ús ferteld wurdt yn Exodus is de wetjouwing op 'e Sinai. Dêrmei wurde de Israeliten pas in folk, mei't hja har eigen wetten krije. De wichtichste wet is de wet fan 'e tsien geboaden (ek wol 'dekalooch' neamd), dy't op twa stiennen platen beitele wie en neffens Ex 20:1 en 19 troch God sels ôfkundige is (Ex 20:1-17). Fierder is wichtich it saneamde 'ferbûnsboek' (Ex 20:22-23:33).

Yn hst. 24 lêze wy hoe't it ferbûn plechtich sletten wurdt. Lykwols al ridlik gau brekt it folk syn wurdt troch de sûnde mei it gouden keal (Ex 32). Hjirop folget (hst. 34) de saneamde 'rituële dekalooch', winliken in fernijing fan it ferbûn.

In grut part fan it boek wurdt ynnommen troch bestek en útfiering fan de bou fan 'e wenning of tinte fan 'e moeting mei alles dat dêrby hearde, as arke, alters, prysterklean ensfh. (Ex 25-31 en 35-40).

3. Leviticus (is: (it) Levityske (boek))

Yn dit boek komme mar twa koarte ferhalen foar (10:1-7 en 24:10-23), beide oer in gefal dat minsken tsjin de wet yngeane. Dy ferhalen passe ek hielendal yn it skema fan Leviticus, dat giet oer it libjen yn it ferbûn tusken de Heare en syn folk, sawol yn 'e cultus (de godstsjinstige hannelingen), as yn it deistich libben.

Yn 'e cultus moat hieltyd wer de mienskip mei de Heare socht wurde yn 'e wei fan 'e fersoening en fan tankberheid. Dat moast dien wurde troch it bringen fan offers. Hoe en wannear't de Israeliten dy offers bringe moatte, wurdt beskreaun yn 1:1-6:6. Dêrop folge (6:7-7:38) yn haadsaak foarskriften foar de prysters (Aäron en syn soannen), wat dy amtlik dwaan moatte by it offerjen. Yn hst. 8 wurdt ferteld hoe't de prysters wijd waarden en yn hst. 9 hoe't hja foar it earst har amt útoefenen. Yn hst. 10, nei de dea fan Nadab en Abihû, folge dan noch in pear oanfoljende foarskriften.

Yn hst. 11 fine wy in opsomming fan reine en ûnreine dieren, dy't dus al of net iten en offere wurde meie.

Dan folge de wetten oer 'e cultyske ûnreinheid by minsken (12-15) en de wize fan reiniging. It earste part wurdt ôfsletten mei hst. 16, de foarskriften foar de grutte fersoendei (Jom Kippûr), die iennichste dei dat de Hegepryster yn it alderhillichste komme mocht om fersoening foar it hiele folk te dwaan. Yn it fierdere part fan dit boek leit de klam mear op de hilliging fan it libben, al wurdt dy dan ek net los makke fan 'e cultus. Sa wurde yn hst. 23 foarskriften jûn foar de feesten, ntl. sabbat, peaske, feest fan 'e earstelingen, feest fan 'e rispinge en it huttefeest, en yn hst. 25 foar it sabbatsjier.

De hst. 18-22 en 25 geane oer it persoanlik en maatskiplik libben fan de gewoane man en fan de pryster.

Wy soenen miskien de hiele ynhâld fan Leviticus gearfetsje kinne yn it: Wês dan hillich, want Ik bin hillich (Lev 11:45).

4. Numeri (is: oantallen)

De namme fan dit boek dekt winliken allinne mar de hst. 1-4 en 26. Dêr giet it ntl. oer it tellen fan it folk.

Fan 5:1-10:10 is it boek in fuortsetting fan 'e foarskriften fan Leviticus, mar tagelyk ek fan 'e útfiering dêrfan. Sa wurdt ús ferteld fan 'e ynwijing fan 'e tinte fan 'e moeting (hst. 7), de wijing fan 'e Leviten (hst. 8) en fan it fieren fan peaske (hst. 9).

Yn hst. 10:11 wurdt it reisferhaal fan it folk, dat by Ex 19 ûnderbrutsen is, wer opnommen. As hja lykwols by Kanaän oankommen binne, meie se dêr fanwegen har sûnde net

yn (hst. 13 en 14) en begjinne de omdoarmingen troch de woestyn. Ferskate rampen treffe it folk fanwegen har oerhearrichheid. Sels Mozes en Aäron misgeane har en meie it lân net yn (hst. 20).

Yn 20:14 begjint de eigentlike opmars nei Kanaän en begjinne se ek tsjinstân te ûnderfinen. Earst fan Edom, dêr't hja omhinne reizgje. Sichon en Og, keningen fan Chesbon en Basjan, wurde ferslein, wylst Balak, de kening fan Moäb Israel besiket te bestriden troch de falske profet Bileäm. Dy oanfal wurdt troch God sels ôfslein (hst. 22-24).

In hst. 33 wurdt de hiele reis nochris beskreaun dy't de Israeliten makke hawwe, yn hst. 34 en 35 de grinzen en yndieling fan it lân, benammen ek fan it part fan 'e Leviten. It lêste haadstik jout noch bepalings oer it erfjocht.

5. Deuteronomium (is: twadde wet)

Tsjintwurdich wurdt faak oannommen dat dit it boek is dat ûnder kening Josjia yn 'e timpel fûn is (2 Ken 22). Oaren nimme sels oan dat it doe skreaun is. It wurdt rekkene ta it wurk fan 'e Deuteronomist. Mar ek as men dy miening net oanhinget, is it dochs dúdlik dat dit boek in apart plak yn 'e Thora ynnimt. Wylst de oare boeken op inoar oanslute, sa dat it ferhaal fierder giet, wurdt yn Deuteronomium weromsjoen nei dy skiednis en nei de wetjouwing.

As it folk flak foar it lân Kanaän stiet, jout Mozes, efkes foar syn dea, it folk noch in lêste ynstruksje. Hysels mei ommers it lân net yn. Hy begjint mei in koart oersjoch oer de lêste jierren sûnt hja by de Hoareb weigien binne (hst. 1-3). Dan fermoannet er it folk, mei in ferwizing nei de skiednis, de wet fan God te ûnderhâlden. Yn 'e hst. 5-30 giet er dan de hiele wetjouwing nochris nei, sa't Israel dy krige hat. Dêrby ferklearret er dy wet sa, dat dy past op 'e nije situaasje dêr't it folk strak yn ferkeare sil. Hja binne dan gjin folk fan bedoeïnen mear, mar in folk dat op in fêst plak wennet. Dat blykt bg. út 'e motivearring fan it fjirde gebod. Yn Ex 20:11 wurdt ferwiisd nei de skepping, mar yn Deut 5:14b,15 wurdt ferwiisd nei de úttocht út Egypte en nei de sosiale betsjutting fan 'e sabbat (foar in fêstige folk bedoeld). Sa kin ek de san. keningswet fan hst. 17 ferklearre wurde. Yn hst. 31 begjinne dan de eigentlike ôfskiedswurden fan Mozes, ôfsletten mei de segen dy't er it folk jout. Yn it lêste haadstik (34) lêze wy fan 'e dea fan Mozes, dy't opfolge wurdt troch Jozua, de soan fan Nûn.

1 De skepping

1 Yn it begjin hat God de himel en de ierde skeepen. 2 De ierde wie leech en sûnder foarm. It tsjuster lei oer de ôfgrûn en Gods wyn sweve oer it wetter.

3 Doe sei God: Lit der ljocht komme en der kaam ljocht. 4 En God seach dat it ljocht goed wie, en God makke skieding tusken ljocht en tsjuster. 5 God neamde it ljocht dei en it tsjuster neamde Er nacht. Sa waard it jûn en moarn: ien dei.

6 Doe sei God: Lit der tusken de wetters in ferwulft komme, in skieding tusken wetter en wetter. 7 Sa makke God it ferwulft. Hy makke skieding tusken it wetter dat ûnder en it wetter dat boppe it ferwulft wie. En it wie sa. 8 It ferwulft neamde God himel. Sa waard it jûn en moarn: in twadde dei.

9 Doe sei God: Lit it wetter dat ûnder de himel is op ien plak gearrinne, dat it

droege boppe komt. En sa kaam it. 10 God neamde it droege lân en it wetter dat gearrûn wie, neamde Er see. En God seach dat it goed wie. 11 Doe sei God: Lit de ierde him grienje mei jong grien, mei gewaaks dat sied draacht, mei fruchtbeammen dy't neffens eigen aard frucht jouwe, dêr't sied yn sit, dat op 'e ierde falt. En sa kaam it. 12 De ierde liet jong grien útsprute, gewaaks dat sied draacht neffens eigen aard, en beammen dy't frucht drage, mei sied deryn, neffens eigen aard. En God seach dat it goed wie. 13 Sa waard it jûn en moarn: in tredde dei.

14 Doe sei God: Lit der ljochten komme oan it himelferwulft om ûnderskied te meitsjen tusken dei en nacht. Hja moatte tsjinje as tekens, sawol foar fêste tiden, as foar dagen en jierren, 15 en hja moatte ljochten wêze oan it himelferwulft om ljocht te jaan op ierde. En sa

kaam it. 16 God makke de beide grutte ljochten: it grutte ljocht om de dei te behearskjen en it lytsere ljocht om de nacht te behearskjen en ek makke Er de stjerren. 17 God sette se oan it himelferwulft om ljocht te jaan op ierde, 18 en om de dei en de nacht te behearskjen en ûnderskied te meitsjen tusken ljocht en tsjuster. En God seach dat it goed wie. 19 Sa waard it jûn en moarn: in fjirde dei. 20 Doe sei God: Lit it wetter tille fan libben en litte der fûgels fleane boppe de ierde yn 'e loft by it ferwulft lâns. 21 Sa skoep God de grutte seameunsters en alle krioeljend libben dêr't it wetter fan optilt, allegearre neffens eigen aard en alles dat wjukken hat, allegearre neffens eigen aard. En God seach dat it goed wie. 22 Dêrop segene God har en sei: Wês fruchtber, win oan yn tal en meitsje it wetter yn 'e see fol; en lit de fûgels tanimme op ierde. 23 Sa waard it jûn en moarn: in fyfte dei.

24 Doe sei God: Lit út de ierde libbene wêzens fuortkomme, allegearre neffens eigen aard: fee, krûpende bisten en wylde dieren fan 'e ierde, elk neffens eigen aard. En sa kaam it. 25 God makke de wylde dieren fan 'e ierde neffens har aard, it fee neffens syn aard en alles dat oer de grûn krûpt neffens syn aard. En God seach dat it goed wie.

26 Doe sei God: Lit ús minsken meitsje nei ús byld en likenis en lit dy hearskje oer de fisken yn 'e see, oer de fûgels yn 'e loft, oer it fee en oer de hiele ierde en oer alles dat oer de ierde krûpt. 27 Dat sa skoep God de minske nei syn eigen byld. Nei it byld fan God hat Er him skepen. Manlik en froulik hat Er har skepen. 28 Doe segene God se en Hy sei tsjin har: Wês fruchtber en win oan yn tal. Meitsje de ierde fol en tsjinstber. Hearskje oer de fisken yn 'e see, oer de fûgels yn 'e loft en oer alle libben dat him op ierde beweecht.

29 Fierders sei God: Sjoch, alle sieddragend gewaaks op 'e hiele ierde jou Ik jimme en alle beammen mei fruchten, dêr't sied yn sit, dat sil jim iten wêze. 30 Mar de griene spruten fan it gewaaks, dat is iten foar alle dieren op 'e ierde, foar alle fûgels yn 'e loft en foar alles dat libbet, dat oer de ierde krûpt. En sa

kaam it. 31 Doe seach God alles dat Er makke hie, en sjoch: it wie tige goed. Sa waard it jûn en moarn: de sechste dei.

1:1 *himel en ierde* – is it hielal.

1:2 Ek oare fertalingen binne mooglik:

a. Gods Geast striek (of: sweve) oer it wetter. Mar dat hat foar ús in dogmatyske bygedachte, dy't de tekst hjir net hat.

b. In fûle stoarm jage oer it wetter. Dat seit lykwols wer minder as dat hjir bedoeld is.

1:5 Ut *ien dei, in twadde dei* – (f. 8 ensfh.) kin opmakke wurde dat hjir net bedoeld hoecht te wêzen dat it sân opienfolgjende dagen west hawwe.

1:11 *dat op 'e ierde falt* – H op 'e ierde. Bedoeld kin ek wêze: sa moat it op ierde gean. Ek kin it fertaald wurde as 'boppe de ierde' (de beamfrucht hinget ommers boppe de ierde!).

1:14 *fêste tiden* – Hjir sil tocht wurde: moatte oan 'e fêste tiden fan de grutte feesten yn Israel.

1:26 *nei ús byld en likenis* – (sj. ek 2:7). De minske is ferantwurdlik foar syn dieden en hy kin God bewust tsjinje (vgl. ek Ef 4:24 en Kol 3:10).

2

De sabbat

1 Sa wienen dan de himel en de ierde, mei alles dat derby heart, klearkommen. 2 Op de sânde dei hie God it wurk dêr't Er mei dwaande west hie, ta in ein brocht en Hy rêste dy sânde deis út fan alle wurk dat Er dien hie. 3 Dat God segene de sânde dei en hillige dy, want dy deis rêste Er út fan al syn wurk dat Er skeppende ta stân brocht hie.

De skepping fan 'e minske

4 Dit is de skiednis fan 'e himel en 'e ierde wat har skepping oanbelanget. De deis dat God de Heare ierde en himel makke, 5 doe wie der noch hielendal gjin beamkeguod op ierde en der wie hielendal gjin grien útspruten op it fjild, want God de Heare hie it noch net reine litten op ierde en der wie gjin minske om de grûn te be-arbeidzjen, 6 mar der kaam in damp op út 'e ierde en hâlde de hiele boppegrûn wiet. 7 En God de Heare hat de minske foarme, stof út 'e ierde, en de libbenssiken blies Er him yn 'e noas. Sa waard de minske in libben wêzen.

It Paradys

8 God de Heare lei in hôf oan yn Eden, yn it easten en dêr sette Er de minske del, dy't Er foarme hie. 9 En God de Heare liet allegear beammen út 'e grûn

opsjitte, begearlik om nei te sjen en goed om fan te iten. De libbensbeam stie midden yn it hôf en ek de beam om te witten fan goed en kwea.

10 Ut Eden wei rûn in rivier, dy't it hôf wetter joech. Dêrwei splitste er him yn fjouwer earmen. 11 De iene hjit Pisjon, dy't om it hiele lân Chawila hinne rint; dêr sit goud 12 en it goud dêr is bêst. Dêr is ek balsemhars en de sjohamstien. 13 De twadde rivier hjit Gichon; dy rint om it hiele lân Kûsj hinne. 14 De tredde rivier hjit Tigris; dy rint eastlik fan Assyrië. En de fjirde rivier is de Eufraat.

It proefgebod

15 God de Heare naam de minske en joech him in plak yn it hôf fan Eden om dat te be-arbeidzjen en der op te passen.

16 En God de Heare hiet de minske: Alle beammen yn it hôf meisto frij fan ite, 17 mar de beam om te witten fan goed en kwea, dêr meist net fan ite, want de deis datst dêrfan ytst, silst grif stjerre.

De skepping fan 'e frou

18 God de Heare sei: It is net goed dat de minske allinne is. Ik sil in help foar him meitsje dy't by him past. 19 Doe't God de Heare alle dieren op it fjild en alle fûgels yn 'e loft foarme hie út ierde, liet Er se by de minske komme, om te sjen hoe't dy har beneame soe, en sa't de minske elk libben wêzen beneamde, sa soe er hjitte. 20 Sa joech de minske nammen oan alle fee, oan 'e fûgels yn 'e loft en oan 'e wylde dieren op it fjild, mar in help dy't by him paste, fûn de minske net. 21 Doe liet God de Heare in djippe sliep op 'e minske falle. En wylst er sliepte, naam Er ien fan syn ribben en makke dat plak wer ticht mei fleis. 22 En fan 'e ribbe, dy't Er út 'e minske nommen hie, boude God de Heare in frou en dy brocht Er by de minske. 23 Doe sei de minske:

Dizze kear is it
bien fan myn biente
en fleis fan myn fleis.

Manninne sil se hjitte

want út 'e man is se nommen.

24 Dêrom giet in man by syn heit en mem wei en hinget syn frou oan en hja

wurde folslein ien. 25 En de minske en syn frou wienen beide neaken, mar hja skammen har net foarinoar.

2:8 *Eden* – betsjut yn H 'leaflikheid'. Somliken tinke dat it wurd út it Sûmearysk liend is en 'steppe' betsjut.

2:9-14 It is net krekt út te meitsjen wêr't it hôf lein hat. De *Eufraat* en de *Tigris* binne de beken-de rivieren. *Pisjon* en *Gichon* binne net bekend. Soms wurdt wol tocht oan Ganges en Nyl. By it lân *Chawila* wurdt wol tocht oan Arabië. Mei *Kûsj* wurdt ornaris Etiopië bedoeld.

Sjohamstien – frij wis wurdt hjir de chrysopraas mei bedoeld.

2:15 *der op te passen* – de kweade macht bestie dus doe ek al!

3 *De sûndefal*

1 No wie de slange gewykster as alle oare dieren fan it fjild, dy't God de Heare makke hie. Dy sei tsjin 'e frou: Hat God wier sein, dat jimme fan gjinien fan 'e beammen fan it hôf ite meie? 2 En de frou sei tsjin 'e slange: Wy meie ite fan 'e beamfruchten yn it hôf, 3 mar fan 'e fruchten fan 'e beam dy't midden yn it hôf stiet hat God sein: Dêr meie jim net fan ite en dêr ek net oankomme, oars sille jimme stjerre. 4 De slange sei lykwols tsjin de frou: Jim sille wier net stjerre, 5 mar God wit wol, dat de deis dat jim dêrfan ite, jimme de eagen iepen gean sille en dat jim dan as God wêze sille en weet hawwe fan goed en kwea. 6 Doe seach de frou, dat de beam goed wie om fan te iten, en dat er in lust foar de eagen wie, ja in oanloklike beam om oardiel te krijen. Dat se naam fan syn frucht en iet. Hja joech dêr fan oan har man dy't by har wie en ek dy iet. 7 Doe gongen har beide de eagen iepen en hja waarden gewaar dat se neaken wienen, dat hja knoopten figeblêden oaninoar en makken harsels skelkjes.

God siket de minsken

8 Doe hearden se yn 'e wyn oerdei it lûd fan God de Heare troch it hôf gean en de minske en syn frou ferskûlen har foar God de Heare tusken de beammen yn it hôf. 9 Mar God de Heare rôp de minske en frege him: Wêr biste? 10 Hy sei: Ik hearde jo lûd yn it hôf en doe waard ik bang, want ik bin neaken en doe haw ik my ferskûle. 11 Mar Hy sei:

Wa hat dy ferteld datst neaken bist? Hast faaks fan 'e beam iten dêr't Ik dij fan hjitten hie datst der net fan ite mochtst? 12 De minske sei: De frou, dy't Jo njonken my set hawwe, dy hat my fan 'e beam jûn en doe haw ik iten. 13 Doe sei God de Heare tsjin 'e frou: Wat hast no dien? En de frou sei: De slange hat my bedragen en doe haw ik iten.

De straf

14 Doe sei God de Heare tsjin 'e slange: Omdatst dit dien hast, bist ferflokt, mear as it fee en as alle dieren op it fjild.

Op dyn liif silste gean en stof silst ite al dyn libbensdagen.

15 Fijânskip set Ik tusken dij en de frou, tusken dyn neigeslacht en harres.

Dat sil dij de kop temoarselje en do silst it de hakke temoarselje.

16 Tsjin 'e frou hat Er sein:

Tige swier sil Ik meitsje de lêst fan dyn dracht.

Mei lêst silste bern krije.

Nei dyn man sil dyn begearte útgean en hy sil oer dy hearskje.

17 Tsjin 'e minske hat Er sein: Omdatst harke hast nei wat dyn frou sei en iten hast fan 'e beam, dêr't Ik dy fan hjitten hie: Do silst dêr net fan ite:

Ferflokt is de grûn om dij.

Mei lêst silste dêrfan ite al dyn libbensdagen.

18 Toarnen en stikels sil er dy opbringe en it griene krûd fan it fjild silst ite.

19 Mei it swit op 'e foarholle silste breait

salang datst weromgiest nei de grûn, want dêr bist út nommen.

Want stof biste

en stof silst wer wurde.

20 De minske neamde syn frou Eva, omdat se de mem wurden is fan alle libbenen. 21 God de Heare makke foar de minske en syn frou klean fan hûden en die har dy oan.

De minske fuortstjoerd út it Paradys

22 En God de Heare sei: Sjoch, wat it witten fan goed en kwea oanbelanget, is de minske wurden as ien fan ús. As er no mar net de hân útstekt en nim ek

fan 'e libbensbeam en yt dêrfan, want dan soe der oan syn libben noait in ein komme. 23 Dat God de Heare stjoerde him út it hôf fan Eden wei, om de grûn te be-arbeidzjen dêr't er út nommen wie. 24 Sa ferdreau Er de minske en Hy sette kearûb-ingels east fan it hôf fan Eden del en de flam fan it beweegjende swurd, om wacht te hâlden oer de wei nei de libbensbeam.

3:7 *dat se neaken wienen* – it earste gefolch fan de sündefal is, dat de minsken fan inoar ferfrjemdize.

3:8 *hja ferskûlen har* – de minske ferfrjemdet ek fan God.

4 *Kaïn en Abel*

1 De minske hie mienskip mei syn frou Eva en hja waard swier en krige Kaïn. Doe sei se: Mei help fan de Heare haw ik in man krige. 2 Fierders krige se syn broer Abel. Abel waard skieppehoeder en Kaïn bouboer.

3 Nei ferrin fan tiid brocht Kaïn de Heare in offer fan 'e fruchten fan it lân. 4 Abel fan syn kant brocht fan 'e earstelingen fan syn lytsfee, te witten fan 'e bêsten dêrfan. No seach de Heare nei Abel en syn offer om, 5 mar Kaïn en syn offer seach Er net nei om. Dat Kaïn waard tige liik en hâlde de holle foardel.

6 Doe sei de Heare tsjin Kaïn: Wêrom bist liik en wêrom hâldst de holle foardel? 7 Is it net sa, dat ast it goede dochst, datst dan de holle wer opstekke kinst? Mar ast it goede net dochst, dan leit de sûnde by dy op 'e loer. Syn begearte giet nei dy út, mar do, do silst him oer kinne.

8 Mar Kaïn sei tsjin syn broer Abel: Lit ús in eintsje rinne. En doe't se yn it fjild wienen, kaam Kaïn op Abel ta en sloech him dea. 9 Doe sei de Heare tsjin Kaïn: Wêr is dyn broer Abel? Hy sei: Wit ik net! Moat ik soms op myn broer passe? 10 Mar Hy sei: Wat hast dien? Hark! it bloed fan dyn broer skreut My ta út 'e grûn wei. 11 No dan, ferflokt biste, fuortband fan 'e grûn, dy't de mûle opdien hat om it bloed fan dyn broer út dyn hân op te nimmen. 12 Ast de grûn beârbeidest, sil dy dij net langer syn frucht dwaan. Dwelmje en doarmje silst oer de ierde. 13 Kaïn sei tsjin de Heare:

Myn straf is te swier om te dragen. 14 Sjoch, Jo hawwe my hjoed ferdreaun fan 'e ierdboaiem en foar jo each moat ik my ferskûlje. Dwelmje en doarmje moat ik oer de ierde en wa't my mar treft, dy sil my deaslaan. 15 Mar de Heare sei tsjin him: Nee, elk dy't Kaïn deadet, sil dêr sândûbeld foar boetsje. Doe joech de Heare Kaïn in teken, dat gjinien dy't him trof, him deaslaan soe. 16 Sa gong Kaïn fuort, by de Heare wei. Hy sette him nei wenjen yn it lân Nod, east fan Eden.

Kaïns neiteam

17 Kaïn hie mienskip mei syn frou, dat se waard swier en krige Henoch. Hy wie doe dwaande in stêd te bouwen en hy neamde dy stêd Henoch, nei syn soan. 18 Henoch krige Irad; Irad krige Mechûjael; Mechûjael krige Metûsjael en Metusjael krige Lamech. 19 Lamech troude mei twa froulju. De iene hiet Ada en de oare Silla. 20 Ada krige Jabal. Hy is de stamheit wurden fan harren dy't yn tinten by de keppels wenje. 21 Syn broer hiet Jûbal. Hy is de stamheit wurden fan allegearre dy't mei de liere en de fluit omgean kinne. 22 Silla krige ek bern: Tûbalkaïn, in smid, dy't alle soarten ark fan brûns en izer makke. Tûbalkaïn syn suster wie Naäma. 23 Lamech sei tsjin syn froulju Ada en Silla:

Hear nei myn stim, froulju fan Lamech,
harkje nei wat ik te sizzen haw:
Wierliken, ik fermoardzje in man
om in wûne
en in bern om in skram.

24 As sânfâldich Kaïn wreke wurdt,
dan Lamech sânensantichfâld.

Berte fan Set

25 Op 'e nij hie Adam mienskip mei syn frou en hja krige in soan, dy't se Set neamde: want God hat my wer in soan foar Abel yn it plak jûn, mei't Kaïn him deade hat. 26 Set krige ek in soan en neamde him Enosj. Doe begûnen se de namme fan de Heare oan te roppen.

4:2 De tekst kin sa lêzen wurde, dat Kaïn en Abel twillingen wienen, mar wis is dat net.

4:5 *hâlde de holle foardel* – o.o. syn gesicht fer-

foel, d.w.s. waard ynfallen. Miskien kinne wy wat frijer fertale 'hy seach noartsk'.

4:7 H net dúdlik. O.o. Syn (d.i. Abels) begearte giet nei dy út en do silst oer him hearskje.

4:8 *Lit ús in eintsje rinne* – dy wurden binnen ynfoege op grûn fan âlde fertalingen en somlike hânskriften. H jout de yndruk dat der wat fergetten is.

5 *Adams geslacht*

1 Dit is de list fan Adams geslacht. De deis dat God Adam makke, hat Er him makke nei Gods gelikenis. 2 Manlik en froulik hat Er har skepen en Hy hat har segene en har de deis dat se skepen waarden, de namme 'minske' jûn.

3 Doe't Adam 130 jier libbe hie, krige er in soan, syn gelikens en syn byld en hy neamde him Set. 4 Neidat er Set krige hie, libbe Adam noch 800 jier en hy krige soannen en dochters. 5 Dat de dagen dat Adam libbe, wienen mei-inoar 930 jier en doe is er stoarn.

6 Set hie 105 jier libbe, doe't er Enosj krige. 7 Neidat er Enosj krige hie, libbe Set noch 807 jier en hy krige soannen en dochters. 8 Dat de dagen fan Set wienen mei-inoar 912 jier en doe is er stoarn.

9 Enosj hie 90 jier libbe, doe't er Kenan krige. 10 Neidat er Kenan krige hie, libbe Enosj noch 815 jier en hy krige soannen en dochters. 11 Dat de dagen fan Enosj wienen mei-inoar 905 jier en doe is er stoarn.

12 Kenan hie 70 jier libbe doe't er Mahalaleël krige. 13 Neidat er Mahalaleël krige hie, libbe Kenan noch 840 jier en hy krige soannen en dochters. 14 Dat de dagen fan Kenan wienen mei-inoar 910 jier en doe is er stoarn.

15 Mahalaleël hie 65 jier libbe, doe't er Jêred krige. 16 Neidat er Jêred krige hie, libbe Mahalaleël noch 830 jier en hy krige soannen en dochters. 17 Dat de dagen fan Mahalaleël wienen mei-inoar 895 jier en doe is er stoarn.

18 Jêred hie 162 jier libbe, doe't er Henoch krige. 19 Neidat er Henoch krige hie, libbe Jêred noch 800 jier en hy krige soannen en dochters. 20 Dat de dagen fan Jêred wienen mei-inoar 962 jier en doe is er stoarn.

21 Henoch hie 65 jier libbe, doe't er Metûsjelach krige. 22 Henoch libbe neidat

er Metûsjelach krige hie, noch 300 jier ticht by God en hy krige soannen en dochters. 23 Dat de dagen fan Henoch wienen mei-inoar 365 jier. 24 No hie Henoch tichte by God libbe en hy wie der net mear, mei't God him weinommen hie.

25 Metûsjelach hie 187 jier libbe, doe't er Lamech krige. 26 Neidat er Lamech krige hie, libbe Metûsjelach noch 782 jier en hy krige soannen en dochters. 27 Dat de dagen fan Metûsjelach wienen mei-inoar 969 jier en doe is er stoarn.

28 Lamech hie 182 jier libbe, doe't er in soan krige. 29 Hy neamde him Noäch en sei: Dizze sil ús treaste fanwegen ús wrotten en wramen, fanwegen de grûn, dêr't de Heare de flok op lein hat. 30 Neidat er Noäch krige hie, libbe Lamech noch 595 jier en hy krige soannen en dochters. 31 Dat de dagen fan Lamech wienen mei-inoar 777 jier en doe is er stoarn.

32 Noäch wie 500 jier. En doe krige er Sem, Cham en Jafet.

6 *Oanlieding ta de sûntfloed*

1 Doe't der hieltyd mear minsken op ierde kamen en hja dochters krigen, 2 seagen de soannen fan God dat de dochters fan 'e minsken kreas wienen, dat se trouden mei dy dêrfan, dêr't se sin oan hienen. 3 Doe sei de Heare: Myn geast sil net foar altyd yn 'e minske bliuwe, omdat er fleis is, dat syn libbensdoer sil hûndert-tweintich jier wêze. 4 Yn dy dagen – en ek neitiid – wienen der reuzen op ierde. Doe't de soannen fan God by de dochters fan 'e minsken kamen, krigen se bern. Dat wienen de sterke mannen út 'e âlde tiden, de mannen fan namme.

5 Doe't de Heare seach dat de ferkeardens fan 'e minsken op ierde oanboaze en alles wat har beweegde, alle dagen weroan, allinne mar útgong nei it ferkearde, 6 muoide it de Heare dat Er de minske op ierde makke hie, en it die Him fan herten leed. 7 Dat de Heare sei: Ik sil de minske dy't Ik skepen haw, fuortfeie fan 'e ierdboaiem, de minsken likegoed as it fee, de krûpende dieren likegoed as de fûgels yn 'e loft, want it muoit My, dat Ik se makke haw. 8

Noäch lykwols fûn genede yn Gods eagen.

Noäch moat de arke meitsje

9 Dit is de skiednis fan Noäch: Noäch wie ûnder de lju fan syn tiid in oprjocht man, dêr't neat op te sizzen foel en Noäch libbe ticht by God. 10 Noäch krige trije soannen: Sem, Cham en Jafet. 11 No wie de ierde ferdoarn yn Gods eagen. Ja, de ierde wie fol fan geweld. 12 En God seach nei de ierde en sjoch, hy wie ferdoarn, want alle minsken op ierde gongen de ferkearde wegen.

13 Dat God sei tsjin Noäch: Ik tink deroer in ein te meitsjen oan alle libbene wêzens, want de ierde is troch har taddwaan fol fan geweld. Dat Ik stean klear om har mei de ierde te ferdwaan. 14 Meitsje dij in arke fan akaziahout. Do moatst him yn fekken ferdiele en de arke fan binnen en fan bûten mei pik bepleisterje. 15 En do moatst him sà meitsje: trijehûndert jellen moat dy arke lang wêze, fyftich jellen breed en tritich jellen heech. 16 Do moatst der in dak op meitsje en de arke oan in jellen fan boppen ta ôfbouwe. De doar moatst op 'e side sette. Mei in ûnderste, twadde en tredde fordjipping moatst dy arke meitsje. 17 Want Ik bin fan doel om in grutte wetterfloed oer de ierde te bringen en om alles dat sykhellet, fan ûnder de himel te ferdwaan. Alles dat op ierde is, sil omkomme. 18 Mar mei dij haw ik myn ferbûn oprjochte, dat do moatst yn 'e arke gean, do en mei dij dyn soannen, dyn frou en de froulju fan dyn soannen. 19 En fan alles dat libbet, fan alle dieren, ja fan alle gearre, silst twa yn 'e arke komme litte, dat se mei dij yn 't libben bliuwe; in mantsje en in wyfke moatte it wêze. 20 En fan alle soarten fûgels, fan alle soarten fee en fan alle soarten dieren dy't oer de grûn krûpe, sille fan elk twa by dy komme, dat dy yn libben bliuwe. 21 En dan moatst dy fan alle iten wat opslaan, datsto en dy dieren itende bliuwe kinne. 22 En Noäch die it. Hy die alles, kreksa't God him hjitten hie.

6:2 *de soannen fan God* – yn Job 1:6 wurde hjir de ingelen mei bedoeld. Somlikens tinke, ek yn ferbân mei f. 4, dat dy hjir ek bedoeld binne. Oaren tinke hjir oan it neigeslacht fan Set.